


Dorpscanon van Folsgeare

Anne Wytzes



© Foto Stichting Monumenten SWF

Tekening fan Jacobus Stellingwerf út 1723 fan de tsjerke anno 1535

Anne Wytzes

Anne Wytzes út Folsgeare krigie foar moard op Jantie Feijtes en Stijntje Jans de swierste straf dy't begin 17^e iuw jûn wurde koe.

Hy waard rôdbraakt!

Hjir folget it ferhaal wêrom't hy dizze straf krigie út Criminele sententies : Hof van Friesland 23-10-1717

Op snein 30 augustus 1716 gie Anne Wytzes, dy't sûnt in skoftsje wenne op de Olde Galileën binnen Ljouwert, nei de wenning fan Seerp Beerns en Jantie Feijtes yn Goutum, mei as doel dêr te stellen. Hy wist dat Seerp Beerns net thús wie. De boppedoar wie iepen en it koste gjin muoite om de ûnderdoar fan de skoattel te

Dorpscanon van Folsgeare

Anne Wytzes

dwaan en sa troch it portaaltsje yn de keamer te kommen, dêr't de 70-jierrige Jantie Feijtes yn har stoel siet.

"dat de gev. sich als doen niet heeft ontsien, om haer Jantie Feijtes een vrouw van over de seventig jaren oud en sittende op een stoel aan te tasten met de banden van eigen onderst de keel te binden en alsoo op een moordadige wijze te wurgen en om hals te brengen, dat deze Jantien Feijtes aldus vermoort zijnde, de gev. is gegaen naer een kast en aldaer de sleutel in vindende, de kast heeft geopent, en uijt een tinnenkop daerinne staende heeft gestolen een goede som gelds, bestaande uijt schellingen, sestehalve, dubbele stvrs, en andere soorte van geld, dat de gev. sigh nae sulx met dit gestolene geld uijt 't huys van Seerp Beerns heeft begeven nae 't Dijkshuijsje staende op de Heerwegh, en so voorts weder naer de stad.

Nimmen wist dat hy, Anne, dizze moard begin hie en der waard fergees socht nei de dieder. Dit joech de minne boarger de nedige moed en op 25 oktober 1716, wer op in sneintemoarn, gie de moardner opnij op stap troch de Wirdumerpoarte nei it Rapenburg súdlik fan Huzum.

It hûs fan Tietie Murks wie dizze kear it doel, de doarren fan de wenning stiene iepen. Tietie wie net thús, mar har dochter Stijntie Jans fan 20 jier wol....

"en als doen haer Stijntie Jans op een gruwelijcke en onmenschelijke wijse heeft gewurgt en vermoort dat dese Stijntie Jans alsoo moordadigh om hals gebracht sijnde "

Yn de kast leine 19 Karolingische gûnen aan jild en dizzen waarden troch it ûnminske meinommen. Mar hjirmei hie hy dan ek al syn wrede lusten útwierre en wie it de boal dy't no syn lusten op him útwierje koe, want Anne Wytzes waard arrestearre en op 23 oktober 1717 stie hy foar it Höf, dat fonnis wiisde as folget:

" Omt bij den Scherprechter op't schavot geleijdt aldaar gerabraakt , 't hooft met een bijl van 't lichaam gescheiden en alsoo van 't leven ter dood gebracht te worden , en ordonneerende voorts dat 't lichaam omtrent de galgen aan een radt anderen ten afschrick, spiegel en exemplel sal worden gestelt. "

Dorpscanon van Folsgeare

Anne Wytzes

Dêr koe Anne Wytzes it mei dwaan en Fryslân wie fan in gefaarlik súzjet ferlost. Mar úteinlik freegje wy ús ôf wa't der no wreden west hat, de rjochter, de boal of Anne Wytzes want wannear't wy soksoarte moardpraktiken, skeiningen ensfh. op punten telle sille, soe de moardner yn wurdearring de boal wol net in soad ûntrinne.....

Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Foto: Stichting Monumenten SWF